

Redaksjoneel Ensafh 3, 2015

Germanen yn de Fryske literatuer

Foar jim leit it jierlikse spesjaalnûmer fan Ensafh: *Germanen yn de Fryske literatuer* is diskear it ûnderwerp. Dêr heart fansels in stinnerige ferantwurding by en it seit wat oer de fleurich-anargistyske sfear yn de redaksje fan ús tydskrift dat wy ús dêr net oan besûndigje. Betink sels mar wat, lêzer.

Wy dogge no ienris dingen dy't wy – oh flokwurd – *leuk* fine. Jawis. En wy konstatare dan yn de mytyske hasj- en alkoholdampen dy't steefêst ús gearkomsten begeliede, dat de Fryske literatuer ryk is oan nijsgjirrige ûnderwerpen. Germanen bygelyks. Wa en wat dy Germanen wiene of binne, miskien binne wy it sels wol: wy witte it net en wy hoege it ek net te witten. Mar oan Fryske skriuwers, dy't har op de ien of oare wize ynspirearre lieten troch it tsjustere ferline fan ús moaie Fryske gea fan fôar pakwei 1000 nei Kristus, ûntbrekt it net te uzes. Se binne der ek hjoeddedei noch! Willem Schoorstra fertelt oer syn ynspiraasjeboarnen by it skriuwen fan *Rêdbâd. Kronyk fan in kening*; Cornelis van der Wal en Geart Tigchelaar leverje nij kreatyf proaza, Piter Boersma, André Looijenga en Jelma Knol dûke djip de literatuerskiednis yn.

Wat bygelyks opfalt yn de poëzy, drama's en it proaza fan foar 1937 oer histoarysk figueren as Hengist en Horsa, Aldgillis en Redbad is it ûntbrekken fan in BluBo-sfear. Wis: Frisia Magna wurdt hjir en dêr wolris ferhearlike – jo moatte dochts wat as minderheidskultuer – mar opmerklik is dat it yn de tiid om 1920 hinne no krekt progressive figueren as Troelstra, Schepers en doe ek Douwe Kalma wiene dy't oer dit histoaryske tema skreaune. En sa falt der noch wol mear te ûntdekken oer Friezen, Angelsaksen en wa allegear noch mear. Histoarysk en archeologen sitte net stil en komme mei de help fan nije techniken hieltyd op 'e nij mei opwinende fynsten: by ús en fral yn Grut-Brittannië. Sjoch marris nei al dy *Meet the ancestors-* of *Timewatch-*programma's op de BBC of googleje op 'Vortigern', 'Hengist en Horsa' of 'RAF Lakenheath'. Foar skriuwers komme der allinne mar mear ynspiraasjeboarnen by.

Lang net alle Fryske skriuwers dy't har dwaande hâlden hawwe mei de perioade foar 1000 nei Kristus binne yn dit nûmer literatuerhistoarysk oan bar kommen. Te tinken falt oan: Douwe Tamminga, Akky van der Veer, A.M. Wybenga, Harmen Sytstra, Fedde Schurer, Willem Schoorstra. Dus kom op literatuerwittenskippers! Byt jim net allinne mar fêst yn Bourdieu mar dûk werris yn de teksten sels en wat dy ús te fertellen hawwe.

Jelma Knol

Ynhâld

- 2 Piter Boersma
In fjoer fan wille in flamjen klear en fel
- 3 Redaksjoneel
- 4 Cornelis van der Wal
De opdracht

- 5 Piter Boersma
It Germaanske yn de Fryske poëzy
- 25 Margreet de Jong
Heliand
- 26 Douwe Kalma
út: Nachten en dagen
- 31 André Looijenga
Hengist, Horsa en Ronixa
- 45 Jelma Knol
Kening Redbad troch Douwe Kalma syn eagen
- 54 John Bosma
Dea makke út leafde
- 55 Willem Schoorstra
Oer Rêdbâd
- 58 Ferdinand Wanders
De soundtrack fan Rêdbâd
- 60 Geart Tigchelaar
Under de grutte iik